

Notulen ekstra ledegearkomste Skriuwersboun

Tiisdei 3 maaie 2022

19.30 oere

Gysbert Japixcseal Tresoar

Bûterhoeke, Ljouwert.

Oanwêzich: Tryntsje v/d Veer, André Looienga, Jan Schotanus, Pier Boormsa, Lida Dijkstra, Alex Riemersma, Reina Greet Smeink – Kroodsmas, Elske Schotanus, Sipke de Schiffart, Syds Wiersma, Albert Schaafsma, Baukje Zijlstra, Hilda Talsma, Koos Tiemersma, Jan H. Woudstra, Trevor Scarse, Ammerins Moss – de Boer, Willem Verf.

Mei berjocht ôfwêzich:

Martsje de Jong.

Ûnderwerp fan de gearkomste: **It plan foar ridlike beleaning en mear promoasje**, lykas presintearre yn in spesjale iepen gearkomste op 7 april 2022.

Dizze ekstra gearkomste fynt plak nei oanlieding fan in skriftlike reaksje op dit plan fan trije leden. It bestjoer hat it inisjatyf nommen foar dizze ekstra gearkomste mei as doel kennis, mieningen en ideeën oer dit plan te ynventarisearjen. Ideeën sille sa folle mooglik meinaam wurde yn de fierdere planûntwikkeling. Ek foar refleksje op de prosedueren dêr't it bestjoer foar keas/kiest is alle gelegenheid.

Foarsitter Willem Verf hjit om healwei achten elkenien wolkom. In ynkommen stik fan Lida Dijkstra, Elske Schotanus en Koos Tiemersma wurdt troch Willem foarlêzen.

Gearfetting fan dit brief:

Dit beliedsstik hie foar beslútfoarming foarlein wurde moatten oan in ledegearkomste. It bestjoer mei allinne belied fêststelle as it net giet om foar skriuwers wêzentlike saken. As it oer ynkommens fan skriuwers giet dan hat it bestjoer dat foech net. Yn in goed funksjonearjende feriening hawwe de leden it lêste wurd. Ferkennende petearen mei eksternen mei it bestjoer allinne fiere mei foarôfgeande tastimming fan de mearderheid fan de leden op in ledegearkomste.

Reaksje bestjoer op dit brief:

Hjir wurdt oannaam dat der ofwol in reglemint, ofwol gewoante-rjocht bestiet dat sokke beslútfoarming foarskriuwt. Dat is lykwols net it gefal. As bestjoer moatte wy wat dit oanbelanget op ús eigen bestek farre. By de behanneling fan it wurklistpunt 'wurkwize bestjoer' sille wy hjir op weromkomme.

De foarsitter ljochtet de wurklist ta. It bestjoer hat keazen foar in folchoarder om earst it plan ynhâldlik te besprekken, en dan stil te stean by de wurkwize fan it bestjoer. Dit omdat krityk op de wurkwize faak gearhinget mei krityk op de ynhâld. Wa't in plan goed fynt, sil har of him meast net sa bot dwaande hâlde mei de prosedueren. Sadwaande de kar foar dizze folchoarder: sille wy earst ris sjen wat wy fan it plan fine?

Guon oanwêzigen wolle dochs graach earst prate oer de prosedueren. Hjir wurdt oer stimd. Mei in lytse mearheid sprekt de gearkomste út de prosedueren foarrang te jaan. Nei in koarte

ûnderbrekking, dy't it bestjoer brûkt foar ûnderling oerlis, wurdt ynstimd mei dizze wiziging fan de wurklist.

Dus alderearst: **Wurkwize bestjoer.**

De foarsitter ferwiist nei de ferantwurding dy't meistjoerd is mei de stikken foar dizze gearkomst. Hy nimt oan dat de oanwêzigen dêr kennis fan naam hawwe. Hy jout har dêrom fuort it wurd.

(Foar de folsleinens wurdt dy ferantwurding hjir wol werhelle, dat besparret leden it weromsykjen: 'wat-en-wêr-wie-dat-stik-ek-al-wer?')

It ta stân kommen fan it plan foar bettere beleanning en mear promoasje

Wy wolle as bestjoer graach dat leden meitinke oer belied en aktiviteiten. Wy stelle leden yn de gelegenheid om mei te helpen belied en aktiviteiten te ûntwikkeljen. Wat de winsk foar in bettere beleanning en belangebehertiging oanbelanget hawwe wy op de ledegearkomste yn novimber '21 frege wa't meidwaan woe yn in wurkgroep om hjiroer te kedizen. Alle leden binne, ûnder oaren fia de mail, yn de gelegenheid steld om har oan te melden. De LC wie by de gearkomst yn novimber en joech dêrnei rom omtinken oan it foarnimmen fan it Skriuwersboun om te kommen ta bettere belangebehertiging.

Trije leden hawwe posityf reagearre op it fersyk om mei te tinken. Yn febrewaris kaam har plan klear, yn maart waard it bepraat en oanfolle yn in entûsjast bestjoer en op 7 april waard it plan presintearre. Alle leden krigen in útnûging foar dy presintaasje. Ek de parse en organisaasjes dy't har ynsette foar it Frysk waarden útnûge. Dy gearkomste ferrûn heul plezierich. It ferslach fan dy gearkomste hawwe alle leden krigen. Dit fine wy in prima manier om meimekoar wat ta stân te bringen.

Nei de presintaasje op 7 april is it plan nei alle leden tastjoerd, en dêrby hawwe wy oanjûn iepen te stean foar oanfolgings en suggestjes. In tal fan dy oanfolgings hawwe wy fuort ferwurke yn it ûndertusken omstjoerde ferslach fan 7-4. Guon leden wiene ferrast troch dizze gong fan saken. Sy woenen graach nochris oer it plan prate. Dêr komme wy har yn temjitte mei in ekstra ledegearkomste.

Syn definitive foarm hat dit plan noch net. Der folget oerlis mei ferskate organisaasjes. Sa lang de finansiering fan it plan noch net troch it meast beslissende gremium, Provinsjale Steaten, fêststeld is kinne alle belutsenen en belanghawwenden mei suggestjes komme.)

Dan no de opmerkingen fan in tal oanwêzige leden op 3 maaie.

- Jan Schotanus: Yn notulen fan de ALG fan 25 novimber stiet dat earst leden frege wurde soenen. Dat hie de goede oarder west.
- Lida Dijkstra: lens mei Jan
- Elske Schotanus: lens mei Jan. Sy hat in mail stjoerd en om yn 't foar de ynformaasje frege, mar dy net krigen.
- Syds Wiersma: Fielde de jûns fan 7 april mysels as lid net noflik, omdat dêr ek oare partijen wiene. Leden hienen earst ûnder elkoar hjiroer prate moatten.
- Baukje Zijlstra: Wie earst entûsjast oer de gearkomst op 7 april, mar letter begûn ik dochs te twifeljen.

- Hilda Talsma: Ik haw it plan net as definityf plan sjoen, mar as ûnderdiel fan in proses. Kin my sommige ynhâldlike krityk yntinke. Plan kin dêr allinne mar better fan wurde.
- Koos Tiemersma: It bestjoer hat de ferkearde ôfslach naam, nei 25 novimber. Slút my oan by Jan.
- Tryntsje van der Veer: oandien en boas oer it net foarlizzen fan it plan oan de ledegearkomste. It plan is te grut foar sa as it no gien is.
- André Looiinga: slút him oan by de oaren.

De foarsitter jout út namme fan it bestjoer de folgjende reaksje.

a. Mei in bestjoer sa hannelje?

Wy tinke fan wol. It bliuwt yn de praktyk in syktocht. It bestjoer kin neffens it karbrief plannen meitsje, belied ûntwikkelje en de feriening represintearje. Dêr is it karbrief helder yn. Der wurde mar twa útsûnderingen neamd: feroaring fan it karbrief en ferheging fan de kontribúsje. Dêr is tastimming fan de ledegearkomste foar nedich. Foar it oare is it de ferantwurdiging fan it bestjoer wat der al dan net foar ynstimming oan in ledegearkomste foarlein wurdt. Dat hawwe wy bygelyks dien mei it foarnimmen de bestjoersleden in frijwilligersfergoeding te jaan. Yn dit gefal hawwe wy der net foar keazen. Wy stimulearje mieningsfoarming en meitinken. Foar in beslútfoarmjende ledegearkomste achtsje wy dit ûnderwerp gaadlik noch geskikt. It is in kompleks plan. Mocht alles slagje, dan hat gjin inkeld lid hjir skea fan. It giet ek net op kosten fan de finansjele middels fan de feriening. It is wierskynlik dat net alle leden entûsjast binne oer plannen fan it bestjoer. Dat sil ek by takomstige inisjativen sa wêze. Dan kin der net altyd in beslútfoarmjende ledegearkomste belein wurde. Dat soe demotivearjend wêze foar leden dy't meitocht hawwe by de ûntwikkeling fan plannen, en oare leden wurde fêst ek net entûsjast wannear't hja regelmjittich foar ekstra gearkomsten oproppen wurde.

Dat nimt net wei dat alle leden meitinke kinne oer plannen en foarnimmens, en dat der regelmjittich mieningsfoarmjend oerlis plak fynt. Elk mailtsje mei ideeën wurdt troch it bestjoer serieuus nommen. Fia ledebrieven wurdt de leden ynformearre oer wat it bestjoer by d' ein hat.

Der is gjin reglemint by ús bekend dat foarskriuwt ûnder hokfoar oare omstannichheden as dat it karbrief oanjout in beslútfoarmjende ledegearkomste útskreaun wurde moat. Ek in algemien berop op in soarte gewoanterjocht is dreech te hantearjen. De lêste jierren binne der gjin gruttere plannen presintearre troch it Skriuwersboun. Fansels sille wy de ûnderfinings dy't wy by dizze wurkwize opdien hawwe, brûke wannear't wy yn de takomst oare plannen it ljocht sjen litte.

b. Mar dit gie oer wêzentlike saken.

Dat is sa. Mar hokker wêzentlike saken fereaskje in beslútfoarmjende ledegearkomste? Dat is in fraach dy't elk oars beäntwurdzje kin. Dit kriterium biedt ús as bestjoer gjin hâldfêst. Wy moatte hieltyd ús eigen ôfwaging meitsje. Hinderet niks, dêr hat in feriening in bestjoer foar.

c. Wy soenen oer in plan as ditte earst ris as leden ûnderling prate moatte!

Dat is yn de praktyk net mooglik. Ledegearkomsten binne útsoarte iepenbier. Leden fan it Skriuwersboun binne faak ek lid fan oare gremia. Sjoernalisten binne ek lid fan it Boun. Dan

kinst der by in presintaasje better fuort mar rekken mei hâlde, dat de ynformaasje meardere persoanen en klups berikke sil. Dat foarkomt misbegryp, tochten wy.

d. It kin in opsje wêze om nêst de ALG noch ekstra temagearkomsten oer plannen te organisearjen.

Út en troch, lykas no, sille wy dat ek dwaan. Dy sille yn 'e regel mieningsfoarmjend wêze. De beslútfoarmjende gearkomsten wolle wy graach beheine ta twa kear jiers. Dat is al ien gearkomste mear as dat it karbrief foarskriuwt.

e. Wy moatte de wurkgroep útbreidzje, plan mei de ynbring fan no bywurkje en yn oare gearkomste wer foarlizze.

Wy sille de makke opmerkingen ferwurkje, yn oerlis mei de besteande wurkgroep, en dan yn it bestjoer it plan fêststelle en de leden ynformearje. "Fêststelle" is hjir lykwols in relatyf begrip. It plan bliuwt ynearsten noch wol yn ûntwikkeling! **Oanfolling Hilda Talsma:** It plan is in opset en bedoeld foar it kollektyf. Kinst noait wat betinke dat elkenien goed fynt. Dan komt der neat fan 'e grûn.

f. Yn in goed funksjonearjende feriening hawwe de leden it lêste wurd.

Jawis. Meimekoar. De leden kieze in bestjoer, dat lieding jout oan de feriening. En dat de feriening mei al har leden fertsjinwurdiget. Bestjoer, leden, ledegearkomste, dat alles stiet yn in bepaalde ferhâlding ta elkoar. Lykas earder sein: it bliuwt in syktocht. (Sjoch ek ús andert by b.)

g. De foarsitter hat op 25 novimber tasein dat it plan fan de wurkgroep foar beslútfoarming foarlein wurde sil oan de ledegearkomste.

Willem hat doe yndied sein "...in wurkgroep gearstalle om in útstel ta te rieden foar in folgjende ledegearkomste." Dat ropt de ferwachting op dat de ledegearkomste oer dat plan in beslút nimme sil. Sa'n beslútfoarmjende gearkomste wie lykwols net de bedoeling fan it bestjoer. Boppesteande hie net sein wurde moatten of op syn minst hie hjir in oanfoljende opmerking yn de notulen by pleatst wurde kinnen. It bestjoer biedt hjir har ekskuzes foar oan.

h. Wêrom waard it plan net omstjoerd foar de gearkomste fan 7 april?

Wy woenen foartidige publikaasje foarkomme, om misbegryp foar te wêzen. Mei in taljochting presintearje like ús better. Fuort dêrnei hawwe leden it plan krigen.

Skoft

Nei it skoft beprate wy it plan.

Opmerkingen fan oanwêzige leden per item:

A. Tariven

Lida Dijkstra hat konkrete oanfullings, dêr't in protte oanwêzigen har by oanslute.

It is handiger út te gean fan advystariven yn stee fan minimumtariven.

It yn dit stik neamde minimumtaryf fan € 100,- foar in lêzing sil oars sûnder mis hingjen bliuwe yn 'e hollen fan opdrachtjouwers. Hjir sille se tenei op ynstekke, en dat is in stap tebek.

Yn it wurkfjild dêr't ik my beweech komt it honorarium foar

lêzingen/workshops/optredens del op likernôch € 100,-- yn it oere. De

lingte/omfang fan de aktiviteit is dan ek in faktor.

Ferjit net de reiskosten. Ast fier reizgje moastst, is dat ek in kostepost. Op dit stuit kinst € 0,19 de kilometer rekkenje foar reiskosten. Der wurdt yn de polityk oer praat dat per 1 july nei € 0,21 te bringen, letter nei € 0,23.

Ik soe hjir advystariven eksklusyf reiskosten fermelde.

Leaver omdraaie dus en foar de kursive tekst jildt dan:

Kollega's dy't minder freegje wolle, kinne dat fansels altyd dwaan. Wy advisearje wol altyd in minimumtaryf fan € 100,-- + reiskosten foar in aktiviteit te hantearjen.

Fan belang: Skriuwers binne yn prinsipe net BTW-plichtich. Hjir stiet dat útlein: Vrijstellingen componisten, schrijvers, cartoonisten en journalisten (belastingdienst.nl)

Korreksje: 'Schrijvers, School, Samenleving' hjit tsjintwurdich:

De Schrijverscentrale. Kollega-skriuwers dy't lêzingen/workshops jouwe en dêr noch net oansluten binne, soene ris fernimme kinne oft se yn oanmerking komme en har oanmelde kinne.

Bestjoer: Lida har opmerkingen sille meinommen wurde yn de bystelling fan it plan.

B. Kontrakten foar publikaasjes

Hjir koenen de oanwêzigen, op ienei, har yn fine.

Bestjoer: It sil wol moed kostje foar guon om hjir by har útjouwer yndied op oan te stean. Wy sille as Boun útjouwers stypje wannear't dy û.o. om dizze reden mear útjefte-subsydje freegje fan de Provinsje.

C. Ekstra honorarium en pakkende promoasje foar regelmjittich te ferskinen 'lekker lêsbere' boeken

By dit punt fetsje wy in tal opmerkings gear, makke troch ferskate persoanen yn de gearkomsten fan 21 april en 3 maaie en yn e-mails dy't ús hjiroer berikten. Dus dit is mear as in ferslach.

'lekker lêsber', wat mei dat wol wêze?

De term 'lekker lêsber' kin ferskillend ynterpretearre wurde. Om dit foar te kommen sille wy in útstel oan de wurkgroep dwaan om te te sykjen nei in oare term. Wy steane fansels iepen foar tips. Yn dit stik hâlde wy as wurktitel oan: promoasjeboek. Kern fan de saak is dat it lêzen fan Fryske boeken en bondels stimulearre wurdt. Wy wolle lêzers. Dêrom moatte der periodyk mei flink wat promoasje boeken ûnder de minsken brocht wurde. Wylst de skriuwers fan dy boeken in ridlike beanning krije. De seleksje fan mûlk foar dit doel geskikte boeken sil as wichtichste kritearium hawwe: liket dit boek kwa ynhâld kânsryk om oan te slaan by in, yn de Fryske ferhâldings, breder publyk? Oft de kwaliteit foldwaande is om útjûn te wurden, dat bepale krekt lykas no de útjouwers. Dêr feroaret neat oan.

Dit wurdt in wedstriid

De seleksje fan mooglike boeken foar dit doel bliuwt beheind: allinne boeken dêr't al in kontrakt tusken skriuwer en útjouwer oer sletten is, en dy't dus wis útjûn wurde, komme yn oanmerking. En skriuwer en útjouwer biede it tegearre oan as mooglik promoasjeboek. Dat boeken wol oanbean, mar net selektearre

wurde, dêr wit gjinien wat fan, útsein útjouwer en auteur en de oan geheimhâlding bûne lêskommisje. BfF sil it ek net as wedstriid presintearje.

Promoasje is in ferantwurdlikens fan de útjouwer

Fan skriuwer en útjouwer beide. En foar in promoasjeboek fersoarget BfF in hiel protte ekstra promoasje, en krijt foldwaande subysdzje om dat optimaal dwaan te kinnen. Útjouwers fan frysktalich wurk hawwe ornaris gjin of amper budzjet foar promoasje.

In ferplichting foar dielnimmende skriuwers om mei te dwaan oan promosjonele aktiviteiten is de omkearde wrâld

Wa 't ynstimd mei it brûken fan har of syn wurk foar dit doel, wit dat sy of hy foar flink bydrage moat oan de promoasje. Dat is ek ridlik, as men in garandearre ekstra honorarium krijt. **Lida Dijkstra:** Ik soe kollega's ek oproppe wolle sels har eigen boeken/wurk te promoatsjen yn de merk te setten. De tiden binne feroare. In persoanlike website en sichtberens op de social media (Facebook, Instagram, Twitter, LinkedIn) helpe om as skriuwer yn kontakt te kommen mei lêzers/keapers/fans, ynstânsjes, boekhannels, biblioteken, skoallen en kollega's. Lida freget ek: wolle jimme tenei it âlderwetske wurd 'propaganda' yn dit ferbân net mear brûke? Sizzes wy ta.

Jo skriuwe fêst net foar it jild!

Goed punt, seit **Lida Dijkstra**. It is saak dat skriuwers dêr ienriedich yn binne, en wegerje fergees te wurkjen (útsûnderingen lykas in goed doel dêr litten).

Fryske Skriuwers binne dochs net allinne mar ôfhinklik fan Provinsjale beurzen en oare stipe fan de Provinsje

Jawis. Frysktalige skriuwers kinne by it Letterenfonds beurzen en oare stipe krije, ûnder deselde betingsten as Nederlânsktalige. Sjoch ek it ferslach fan ús ledegearkomste fan 21 april, dêr 't Victor Schiferli spruts, en gûchelje op de reachside fan it Letterenfonds. Dit stiet los fan ús plan.

Boeken van Fryslân/Afûk soarget al foar in deistich trochrinnende stream publisiteit fia websites en social media.

By it bestjoer is dêr in protte wurdearring foar. Mei it beheinde budzjet wurdt in soad dien. Mar sjoen de ûntlêzing, de spesifike posysje fan it Frysk en it feit dat Fryske skriuwers by it publyk sa goed as ûnbekend binne, is it echt nedich dat der noch in flinke ympuls by komt.

Yn de lêskommisje sit in 'in lêzer?' Wa selektearret dy?

By bybs, boekwinkels, by de Afûk is fêst wol sicht op hokker minsken in protte Frysk lêze. Te tinken falt oan periodike aksjes wêrby ynteressearre lêzers har melde kinne. BfF sil dit, yn gearwurking mei de leden fan de lêskommisje (dy wurde net allegearre tagelyk ferfongen) organisearje moatte. Fansels is dit in punt om fierder oer te tinken.

Yn it plan stiet: De lêskommisje mei net beslute dat der gjin manuskript by is mei genôch kwaliteit. Stel it nivo fan alle boeken is min, dan wurdt der dochs in boek oanwiisd?

Wy geane der fan út dat dy situaasje ûnwierskynlik is. Útjouwers hawwe ommers al besletten it wurk út te jaan. Sil dizze situaasje him dochs foardwaan, dan is der in hiel serieuus probleem yn de Fryske skriuwerij. Dan stiet net allinne dit plan faai, mar dan is der folle mear te rêden: men kin him dan serieuus ôffreegje oft der noch fan Fryske literatuer sprake is.

It plan kostet in soad jild. Giet dat net op kosten fan oare regelingen foar de literatuer?

Wannear't de Provinsje in plan lykas dit allinne op dy betingst oernimme wol, hoecht it om ús fansels net. Mar de Provinsjale begrutting is ek yn de takomst rom genôch om jierliks in oardel ton ekstra oan de Fryske temporele skriuwerij út te jaan. Der is wat dit oanbelanget yn de ôfrûne jierren flink ynlevere troch de literatuer, bygelyks fia it ferminderjen fan de mooglikheden fan Tresoar. Dit punt, dat it nije net yn it plak komme moat fan it besteande, sil alle omtinken krije yn de fierdere petearen mei Provinsje en BfF/Afûk. En dêrby hawwe wy ek omtinken foar de bestjoerlike sykly fan 4 jier. Dy meitsje it lykwols net ûnmooglik om op langere termyn te plannen.

Hoe stean jimme foar BfF/Afûk oer?

Mei de beskibere middels dogge hja optimaal har wurk. Wy hawwe in kear of seis yn it jier oerlis en dat giet yn in prima sfear fan ûnderling betrouwen. Wy hawwe perfoarst net de yndruk dat sy har eigen útjeften befoardielje neffens oare útjouwers.

Yn it ferline by It Boek fan de Moanne hat al bliken dien dat dit net wurket.

Dat wie in hiel oar konsept. Der kamen te folle boeken yn in jier oan bar, de seleksjekriteria en de selekteurs wienen net dúdlik, it belang fan de útjouwers wie te direkt, de auteurs waarden net beleanne en last but not least wie der amper addisjoneel promoasjebudzjet. Dat moat no echt foars heger. De Provinsje moat BfF fasilitearje, dy moat dêr professionals foar ynhiere kinne.

De kommisje moat dy manuskripten anonym beoardielje. Dat wurket net yn de Fryske ferhâldings.

Bestjoer en kommisjeleden begripe dat soks net altyd maklik is, mar tidigje derop dat dizze bepaling dochs soarget foar safolle mooglik objektiviteit. Der wurdt fertroud op de 'profesjonaliteit' fan it panel. ûnderling swije oer fermoedens wa't de auteur is en sa foarriedige oardielen safolle mooglik foarkomme. Dit proses sil hooplik ek soargje foar mear ferrassingen yn de rige, sadat net allinne fêstige nammen útkeazen wurde. By de Rely Jorritsmapriis wurket it, dy anonimiteit.

Helje dy beleaning derôf. It wurket net as je alle sinten op in pear skriuwers sette en de rest yn 'e kjeld stean litte. Dus frijspylje dat jild. En ferdiel dat bedrach fia de útjouwers dan mar oer alle skriuwers dy't publisearje.

Wy hawwe fansels gjin jild om frij te spyljen. Wy pleitsje foar in nij idee, dêr't noch gjin jild foar beskikber is. En wy binne fan miening dat de bedragen dy't de Provinsje en it Letterenfonds foar yndividuele skriuwers en foar útjeften beskikber stelle, hiel ridlik binne. It giet om mear lêzers, en dy lêzers ferliede om boeken te lienen en te keapjen. Dêr hawwe wy as skriuwers op termyn ek it grutste belang by. Dêrom in nij plan.

Dit plan kin derta liede dat dy € 5000 takend wurdt oan in auteur dy't ek al in beurs krigen hat.

Dat kin foarkomme. Dan binne wy hiel bliid foar dy kollega. En fierder is der in progressyf systeem fan ynkombestebelesting yn Nederlân, dat syn wurk yn sa'n situaasje dwaan sil.

Wa't as bûtensteander it plan sa't it presintearre is sjoen hat, soe lykwols tinke kinne dat gjin inkelde skriuwer finansjeel foardiel hat fan syn/har krewearjen.

Yn it plan wurdt al yn neamd dat der ridlike ynkkomsten mooglik binne, sjoch hjirboppe. Mar wy sille dit nochris goed besjen. Der moar yndied in reël byld sketst wurde.

Ien útjouwer allinne hat net folle oan in bedrach as er de promoasje dêrmei allinne op poaten sette moat. Ek al liket € 5000 miskien in soad. Boppedat misse de útjouwers de ekspertize, de tiid en de mankrêft om dit foar Fryske boeken goed te dwaan.

Hjir is sprake fan misbegryp, en wy sille dat besykje foar te wêzen by it oanpassen fan it plan. Dy € 5000 is bedoeld foar de skriuwer. Alle kosten fan de ekstra promoasje wurde makke troch BfF, tanksij in gâns rommere eksploitaasjesubsydzje foar BfF fan de Provinsje. As dy der net komt giet it feest net troch.

Krekt in oerkoepeljende organisaasje, dy't woartele is yn de boekewrâld en ek weromkeppeling freget fan útjouwers en skriuwers, soe in protte út de wei sette kinne.

Hjir binne wy it folslein mei iens. Wy sjogge BfF yn dy rol, sjoch hjirboppe, neffens omstannichheden en budzjet, op stuit optimaal funksjonearjen. Mei mear jild foar minskkrêft en aktiviteiten kin BfF mear dwaan.

Fia de mail krigen wy dizze wurden noch binnen: Sitaat út in efternei ynstjoerd brief fan in begien lid:

Underweis op 'e fiets nei Oentsjerk, nei ôfrin fan ús gearkomst, hawwe jo de tiid om eefkes nei te tinken oer wat 'er sein wie. En ynienen wist ik it! Ik wie te lânne kommen yn in optreden fan Pieter Derks: het Walvisprotocol. Ik liz it net út - eefkes googelje, de harker sil it werkenne.

Foar in taal dy't sa yn 'e nederklets sit, binne d'r guon leden dy tinke dat se noch alle tiid hawwe. Dy't ochsa benaud binne tekoart te kommen. Dy kieze foar foarm boppe ynhâld. Dy kinne gjin foarbyld wêze foar oanstoarmjend skriuwerstalint. Sy moatte begripe: dit giet net om it individu, dit giet oer it kollektyf. Sels as d'r praat wurdt oer de tarieven, giet it oer it kollektyf, want je wolle ek jonge, ûnbekende skriuwers groun ûnder fuotten jaan, perspektyf biede. Heden noch oan ta. D'r moat no trochpakt wurde en dêr moatte jim mandaat foar hawwe om in plan op te tûgjen dat fertúten docht.

De folgoarder fan de bulletpoints is net fan belang. Dat komt wol as d'r in jierplan/promoasjeplan opset is. Mei yn 'e tiid útset hokker media en middels der ynset wurde moatte/sille en wanneer. Wat foar priiskaartsjes d'r oanhingje, netwurkje. Weitsje d'r foar dat d'r te folle demokrasy yn slûpt en ferlamjend wurket op it trochgeande proces. It mei net safier komme dat de walfisk aenstens op stjerren nei dea is mar gelokkich wol neffens it protocol.